

Boer Bo en de dreamko

## Kolofon

ISBN: 978 94 6365 276 6

1e druk 2020

© 2020 Marianna van Tuinen

Fryske oersetting: Ytsje Steen

[www.mariannavantuinen.nl](http://www.mariannavantuinen.nl)

Utjouwerij Elikser

Oksekop 4

8911 LE Ljouwert

[www.elikser.nl](http://www.elikser.nl)

[www.mariannavantuinen.nl](http://www.mariannavantuinen.nl)

Foarmjouwing omslach en binnenwurk: Evelien Veenstra

Utjefte fan dit boek waard mei mooglik makke troch de provinsje Fryslân

provinsje fryslân  
provincie fryslân 



Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige, opslein yn in automatysarre gegevensbestân en/of iepenbier makke wurde troch de wei fan druk, fotokopy, mikrofilm of op hokfoar wize dan ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de auteur en de útjouwerij.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission from the author and the publisher.




# Boer Bo en de dreamko

Marianna van Tuinen



It is ier yn 'e moarn.  
Yn it greidlân stiet in ko.  
Dat is Feronâ. Se is gers oan it iten.  
Feronâ is fleurich en bliid.  
It gers is sacht en soppich. Hearlik!  
Om har hinne is alles prachtich grien.  
Mar it bliidst wurdt Feronâ fan boer Bo.  
Dy komt alle dagen twa kear om har te melken.  
Moarns en jûns.  
Sjoch, dêr komt er al oan.





Boer Bo sjokt troch it gerslân.  
Hy prottelet: 'It is ek alle dagen itselde.  
Wekker wurde, fan bêd ôf, de ko melke ...'  
It gers is in prachtich grien flierkleed.  
De boer sjocht it net.  
De fûgels fluitsje o sa moai.  
Boer Bo lústeret net.  
Hy tinkt allinnich mar oan wat er dwaan moat.  
Dat is alle dagen itselde.



